

Teksten om út te kiezen

foar it gebrûk yn it deistich gebed

<i>Iepeningsfersen</i>	994
<i>Lofprizings</i>	997
<i>Skuldbelidenissen</i>	999
<i>Segenbeaen</i>	1002

- 9 Help ús oerein, o God,
lit jo antlit oer ús ljochtsje.
- 10 Heare God almachtich, hear nei myn bea,
harkje dochs, God fan Jakob.
Sjoch del op ús beskermer, o God
en skôgje it antlit fan jo salvling.
- 11 Heare God, myn Behâlder, deis gûl ik it út
en nachts lis ik it Jo foar.
Lit myn gebed oan Jo takomme,
hâld jo earen iepen foar myn kriten.
- 12 Hoe is jo namme, dêr't Jo te finen binne,
ivige God, wy wolle Jo sjen.
Jou ús hjoed in teken fan leafde.
- 13 Us helper is de Heare,
dy't himel en ierde makke hat.
- 14 Heare, hear myn gebed,
harkje nei myn smeekjen.
Ferhear my yn jo trou
om jo gerjochtichheid.
- 15 Fan de Heare is de ierde
de wrâld en dy't har bewenje.

O, wat is it goed, wat is it hearlik,
dat bruorren byinoar wenje en it iens binne.

Geunst en trou moetsje elkoar,
gerjochtichheid en frede groetsje elkoar.

As de learlingen fan 'e Hear har stilhâlde soenen,
soenen de stiennen it útroppe.


Hear, iepenje my de lippen,
dan ferkundigje ik jo lof.

Dy't de moarn - tyd kom - me lie - ten

en it ljocht te foar - skyn rô - pen,

wol ús sein - gje mei jo ljocht.

Lofprizings



- 1 Eare oan de Heit en de Soan en de hillige Geast,
lykas yn it oanbegjin no en jimmer
en fan ivichheid oant i-vichheid. A-men.
- 2 Eare oan de Heit troch de Soan yn de hillige Geast,
no en jimmer en yn alle i-vichheid. A-men.
- 3 Eare oan 'e ivige God,
ús Heit, ús Mem,
Geast fan wysheid,
Hoeder fan minsken.
Eare oan God,
no en altyd. Amen.
- 4 Heech te priizgjen is de Heare, de God fan Israel,
fan ivichheid oant ivichheid. Mei it sa wêze.
- 5 Heech te priizgjen is de Heare, de God fan Israel,
dy't wûnders docht, Hy allinne.
Heech te priizgjen is foar altyd syn geweldige namme,
syn hearlikheid mei de ierde fol fan wêze.
- 6 Heech te priizgjen is de Heare foar altyd.
A-men, ja a-men.
- 7 Heech te priizgjen is de Heare, de God fan Israel,
fan ivichheid oant ivichheid.
It hiele folk moat der amen op sizze.
- 8 Oan 'e Kening fan 'e ieuwen, de ûnfergonklike
de ûnsjenbere, iennichste God,
mei eare en gloarje wêze, yn alle ivichheid. Amen.
- 9 Oan God, de sillige, de iennichste Hearsker,
de heechste Kening en de machtichste Hear,
dy't allinne ûnstjerlikheid besit,

en yn ûntagonklik ljocht wennet,
dy't gjin minske sjoen hat noch sjen kin,
Him mei eare en ivige macht wêze. Amen.

10 Foar Him dy't op 'e troane sit en it Laam
de lof, de eare, de hearlikheid en de krêft
yn alle ivichheid. Amen.

11 Jo binne in goede en barmhertige God,
en oan Jo bringe wy eare,
oan de Heit, de Soan en de hillige Geast,
no en altyd en yn alle i-vichheid. Amen.

12 *(de folgjende teksten kinne stik foar stik ek apart sein wurde)*

Jo binne God yn 'e ûnmjitlike romten fan it hielal,
yn 'e fergetten úthoeken fan myn hert binne Jo God.
Heech te priizgjen binne Jo.

Jo binne God fan foar't de wrâld begûn,
oan 'e ein fan 'e tiden binne Jo God.
Heech te priizgjen binne Jo.

Jo binne God as wy ús deljouwe en rêste,
as wy oerein komme en warber wurde, binne Jo God.
Heech te priizgjen binne Jo.

Jo binne God as de see brûzjend opkomt
as de wyn him deljout, binne Jo God.
Heech te priizgjen binne Jo.

Jo binne God yn 'e bestindigens,
yn 'e wiffens fan alles wat skepen is, binne Jo God.
Heech te priizgjen binne Jo.

Jo binne God as wy sliepe,
yn ús omwrotten en wekker lizzen binne Jo God.
Heech te priizgjen binne Jo.

Jo binne God yn alle begjin en ein,
yn himel en op ierde binne Jo God.
Heech te priizgjen binne Jo.

Skuldbelidenissen

- 1 Lit ús God tankje foar syn goedens,
dy't Er ús hjoed jûn hat.

**Wy tankje Jo, Hear, foar jo leafde en soarch,
foar jo neibyens en seine.**

Wy tankje Jo foar elk minske
dy't as in ljocht en in seine op ús libbenspaad komt.

**Wy tankje Jo foar jo stipe
yn tsjustere en swiere oeren.**

Lit ús God om ûntferming freegje
foar alles dêr't wy yn tekoart sketten binne.

**Wy binne tekoart sketten
yn sprekken en swijen,
yn hâlden en dragen.**

Mei de Heit fan alle goedens en genede
ús al dy dingen ferjaan.

Mei de Soan troch syn leafde
ús hert en tinken fernije.

Mei de Geast fan treast en ljocht
ús oerein helpe

en ús it paad nei frede opstjoere.

Amen.

- 2 Wy belide foar de almachtige God,
foar harren dy't syn hearlikheid no al sjogge
en foar elkoar,
dat wy sûndige minsken binne,
om't wy ûntrou west hawwe oan God,
oan ús bruorren en susters
en oan ússels.
Wy bidde om genede en freegje:

**Mei de almachtige God Him oer ús ûntfermje,
ús sûnden ferjaan
en ús liede nei it ivige libben.**

Frijspraak en ferjouwing
mei de almachtige en barmhertige Hear ús jaan.
Amen.

3 Hear, ferjou my
dat ik te grut èn te lyts
fan mysels tink.

Ferjou my
dat ik Jo ûntrin
en Jo gjin achtslaan.

Ferjou my
dat ik de mûle slaan yn wat my net oangiet
en my stilhâld oer de dingen dêr't it op oankomt.

Ferjou my
dat ik my byn oan wat my ûnfrij makket
en net ferlieze wol.

Meitsje myn hert frij fan bedjer en geweld
en suverje myn siel
mei de flam fan jo Geast,
dat goedens, frede en ljocht
troch my hinne streame kinne,
ta lof fan Kristus.

Amen.

4 God, yn 'e stilte fan 'e nacht
lizze wy ússels yn jo hannen.
Jo witte fan it goede dat hjoed klearkommen is,
Jo kenne ek al ús tekoarten en misslaggen.
Wy bidde Jo:
nim ús oan mei al wat fruchtber yn ús is;
bûch om en bring ta libben
al wat bestjurre en toar wurden is.
Bewarje ús fannacht yn jo frede.

Amen.

- 5 Kear ús nei Jo ta, God fan ús heil,
en wês net langer lulk op ús.

**Ik beliid foar de almachtige God
en foar dizze mienskip myn skuld,
en freegje om ferjouwing
foar alles
wat ik sûnder leafde tocht, sein en dien haw
en foar alles dêr't myn hert my yn feroardielet.
Hear, wês ús genedich,
Jo binne dochs grutter as ús hert!**

Mei de almachtige God Him oer ús ûntfermje,
ús sûnden ferjaan
en ús liede nei it ivige libben.
Amen.

Frijspraak, frijskatting en ferjouwing
mei de almachtige en barmhertige Hear ús jaan.

- 6 Almachtige en barmhertige God,
foar Jo lizze alle herten iepen,
alle ferlangsten binne Jo bekend
en gjin geheim is foar Jo ferburgen.
Suverje de oerlizzings fan ús hert
troch de ynjouwing fan jo hillige Geast,
dat wy Jo fan herten leafhawwe
en jo hillige namme grut meitsje.
troch Kristus, ús Hear.
Amen.

Segenbeden



- 1 De Hear mei ús syn frede jaan
en it ivige libben. Amen.
- 2 Segenje en behoedzje mei ús
de almachtige en barmhertige Hear,
Heit, Soan en hillige Geast.
Amen.
- 3 Mei de heechhillige God yn syn leafde foar minsken
ús segenje, hoedzje en ferljochtsje
ús en allegearre dy't ús op 'e noed jûn binne.
Amen.
- 4 Ivige God, segenje ús
en lit jo antlit oer ús ljochtsje.
**Lit jo antlit oer ús opgean
en jou ús frede. Amen.**
- 5 Oer ús herten, oer ús huzen
de seine fan God.
Yn ús kommen, yn ús gean,
de frede fan God.
Yn ús libben, yn ús leauwe,
de leafde fan God.
Oan ús ein en nij begjin,
de barmhertichheid fan God
om ús op te heinen en thús te bringen.
Amen.

6 'Behoedzje, bewarje ús, leave God'

Argentynsk



1 Be - hoed-zje, be - war-je ús lea - ve God,



en wiis ús de goe - de we - gen.



Wês gids ûn - der - weis, ús man-na op reis,



om - ear - mje ús mei jo se - gen.

- 2 Behoedzje, bewarje ús, leave God,
wês mei ús yn alle lijen.
Wês waarmte en ljocht, ta treast op ús tocht
troch tsjustere woestenijen.
- 3 Behoedzje, bewarje ús, leave God,
jou leauwen en jou fertrouwen:
in fjoerflam dy't bliuwt, yn frede leaut,
en lear ús dêroan te bouwen.
- 4 Behoedzje, bewarje ús, leave God,
omearmje ús mei jo segen.
Wês yn 'e woestyn ús brea en wyn,
en stjoer ús op nije wegen.

